

## Jûn mei deputearre Poepjes

Wy sjogge werom op in suksesfolle jûn mei deputearre Poepjes op 26 novimber. In tweintichtal leden gie by Tresoar mei de deputearre yn petear oer de Fryske literatuer yn de nije kultuerperiode, dy't yn 2016 stal krije sil.



Yn jannewaris sil in startnotysje besprutsen wurde yn Deputearre Steaten, en it Skriuwersboun hat oanjûn by it hiele proses dêrnei belutsen wurde te wollen.

In tal skerpe fragen is steld, bygelyks troch Jacobus Q. Sminck oer it bytsje jild dat der navenant beskikber is foar de Fryske literatuer, de 'sleauwe' beslútfoarming by subsydzje-oanfragen, wat neffens Jan Schotanus linich útjouwersbelied yn 'e wei stiet, en it Hollânsktalich karakter fan Kulturele Haadstêd 2018.

Wat de takomst fan de Fryske skriuwerij oanbelanget, gie Hans Brans yn de pleit foar mear oandacht foar it Frysktalige folkstoaniel, dat in grut publyk lûkt. Meindert Reitsma woe mear omtinken foar multymediale projekten en Koos Tiemersma lansjearre in idee om alle húshâldings yn Fryslân in boekebon te jaan.

Doe't it oer ûntlêzing en de tebekrinnende boekeferkeap gong, frege de deputearre planút oft der noch genôch aardige, goede boeken skreaun wurde. Efkes folge der in stilte, mar aldergeloks wie dat allinne mar om dêr goed oer nei te tinken en ta it andert 'ja' te kommen.

Dit wie noch mar in earste gedachtewikseljen foar in proses dat noch op gleeed komme moat. It bestjoer sil de leden op 'e hichte hâlde fan nije ûntjouwingen op dit mêd.

## Fan it bestjoer

In foaropwurd foar alwer de lêste Oesdrip fan dit jier. Yn it foarste plak winskje ik jimme út namme fan it bestjoer folle lok, seine en sûnens yn it nije jier.

Wy sjogge werom op in jier dat foarby fleach, fan de nijjierssit yn jannewaris, de jûn oer Letterkunde yn april oant en mei de tige slagge temagearkomste mei deputearre Sietske Poepjes yn novimber.

Wy moeten inoar, op ledegearkomsten en aldergeloks folle faker yn it fjild. By útrikings, sa as dy fan de Rely en de Gysbert, op de Akademydei en folle mear plakken. It bestjoer hie kontakten mei ynstellings lykas de Provinsje, Fryske Akademy en Tresoar, mar ek breder. It gearwurkjen mei oare gremia foldocht ús goed en takom jier sille wy dat útwreidzje. Te tinken falt dan oan de Omrop, de beide deiblêden en Cedin. De ferfilming fan it winnende ferhaal yn de Ferhalewedstryd wie dit jier in stik bûter yn de brij!

It bestjoerswurk foar it bûn is prachtich moai, mar de besetting is eins wat te krap. Wy soenen der dan ek tige wiis mei wêze as wy it bestjoer útwreidzje kinne soenen mei ien of twa nije leden. Fynst it wurk fan it Skriuwersboun wichtich en hast in pear oerkes de moanne oer, dan soenen wy graach in mail fan dy krije.

Graach slút ik ôf mei de útnûging foar de Nijjierssit, tongersdeitejûn 26 jannewaris 2016 yn Tresoar; nei in ledegearkomste sil dan in petear plakfine mei Klaas Sietse Spoelstra fan DINGtiid. De útnûging en neiere ynformaasje folge op koarte termyn.

*Tryntsje van der Veer, foarsitter*

## De Skriuwersarke

Takom jier sil de arke, dy't earder taheard hat oan skriuwer Rink van der Velde (1932-2001) wer beskikber wêze foar in skriuwer of dichter dy't yn alle rêst dwaande wêze wol mei Fryske literatuer of literatuer yn in oare streektaal fan Fryslân.

Skriuwers of dichters dy't noch net earder yn totaal seis wiken yn de arke oan it wurk west hawwe, kinne oanjaan hokker wiken (net mear as seis) oft hja nei de arke ta wolle. It giet om it simmerskoft, mar oare winsken binne yn oerlis ek mooglik. Ofsjoen fan de kosten foar iten, drinken en telefoan is it ferbliuw yn de arke fergees.

Belangstellenden kinne har oant 1 febrewaris 2016 skriftlik oppenearje by Pieter de Groot, skriuwer fan de Stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum, De Koarte Baan 11, 8731 DX Wommels. Dêrby moat neist de perioade ek oanjûn wurde wat de skriuwer/dichter fan doel is te dwaan. In kommisje út it bestjoer fan de Stifting FLMD makket de kar hokker skriuwers/dichters fan de arke gebrûk meitsje kinne. Mocht it yn 2016 net slagje om plak te krijen, ek yn 2017 wurdt de arke wer foar skriuwers en dichters iepensteld.

## Oersetterswurkgroep

De projekten dy't de Oersetterswurkgroep op it heden ûnder hannen hat, komme hieltiten tichter by it stuit fan publikaasje. Ytsje Hoekstra en Geart Tigchelaar fersoargje foar Elikser de oersettings fan de earste dielen fan de jeugdboekerige *Virals* (skreaun troch Kathy Reichs, ek bekend fan de tv-searje *Bones*). By Utjouwerij Regaad sil in stripboek op basis fan Jules Vernes *In wrâldreis yn tachtich dagen* ferskine (letter yn 2016 ek as app foar it fuortset ûnderwiis); dat projekt ha Bert-René Luimstra, Anne Popkema en Tryntsje van der Steege op har noed, yn 'e mande mei yllustrator Roelof Wijtsma en app-bouwer Buro Klei.

Hjirby ek in **oprop**: hast aardichheid oan oersetten en bist lid fan it Skriuwersboun (of ree om dat te wurden), oppenearje dy dan by Anne Tjerk Popkema om by de Oersetterswurkgroep te kommen. Wy sille yn 2016 wer sjen hokker projekten oft yn it ramt fan de Oersetterswurkgroep op glead holpen wurde kinne.

## It Fryske BerneBoek

Yn it ferline wie de wurkgroep Berneboekepraat ûnderdiel fan It Skriuwersboun. Letter is dy opgien yn it Fryske BerneBoek. Yn 2014 is der ôfpraat dat in ôffurdige fan it IFBB in sit nimme sil yn it bestjoer fan It Skriuwersboun om sa de kontakten mei de berneboekewrâld te ûnderhâlden.

Sadwaande siet Auck Peanstra wer yn it bestjoer nei't se in jier earder ôfskied nommen hie. Om reden fan sûnens kin se dit net langer dwaan en nimt Sytske Eringa fan IFBB har funksje oer.

## Ferhalewedstryd

De tarissings foar de Ferhalewedstryd 2016 binne yn folle gong. Lykas ferline jier docht – neist It Skriuwersboun en it Friesch Dagblad – ek dit jier Omrop Fryslân wer mei, om in ferfilming fan it winnende ferhaal te meitsjen. Nij is dat Cedin dit jier ek oanskoot yn de organisaasje, yn de persoan fan Annamarije Bloem; sa is der in bettere ferbining mei it fuortset ûnderwiis. Dat is wichtich, om't de Ferhalewedstryd ommers rjochte is op it oanboarjen fan nij talint. Om dy reden sille der ditkear dan ek twa kategoryen wêze: de junioare- en de folwoeksene-kategory. Ut de twa earstepriis-wINNERS fan dy beide kategoryen wurdt troch de sjuery ien ferhaal selektearre foar ferfilming. Noch in nijichheid oan de opset is dat de ynstjoerders har foardiel dwaan kinne sille mei workshops ferhaleskriuwen. Sa kinne de tips fan betûfte ferhaleskriuwers fuortdaalk ferwurke wurde yn de ynstjoering. Mear nijs – ek oer tema, deadline en workshops – yn de kommende Oesdrup en op ús site!

## Berneboekenijis

### Nasjonale Foarlêsdagen

Yn it ramt fan de Nasjonale Foarlêsdagen ha op 28 jannewaris 2015 yn it nije Boartersteater Heksie Peksie te Blije mear as 60 beukers fan de skoallen út Holwert, Ferwert en Blije harke nei Auck Peanstra, dy't it ferhaal oer krokodil Karel út it hielendal oanpaste en opnij útbrochte printeboek *Der leit in krokodil ûnder myn bêd* foarlies. Nei it sjongen fan in ferske oer de krokodil koene de bern in krokodil nifelje.



### Berneboeketiid

Foar Swalk en de Berneboeketiid is it Aksjeboek foar de jeugd útjûn: *Dy iene foto*. Gerrit Hoekstra en Ans Wallinga ha der in lesbrieff by makke. De lesbrieff kin delhelle wurde op [www.swalk.nl](http://www.swalk.nl) en op [www.itfryskeberneboek.nl](http://www.itfryskeberneboek.nl) by it menu Berneboeketiid. Oan it Aksjeboek is ek noch in workshop keppele foar it fuortset ûnderwiis yn de plakken Wommels, Koudum, Waskemar, Frjentsjer en Wommels. Dat is in projekt fan Wiebe Kaspers.

Yn de berne- en jeugdboeketiid 2015 wiene seis skriuwersprograms foar op skoallen beskikber. Dit is in gearwurking fan Tresoar-IFBB, Basisskoallen, Cedin, Bibliotheekservice Fryslân, Jeugdbibliteken en it Sintrum foar Fryske berne-opfang. De programs kinne noch hieltyd besteld wurde. Se steane op de website fan [www.itfryskeberneboek.nl](http://www.itfryskeberneboek.nl) by it menu Berneboeketiid.

### Berneboekedei Terherne

De Berneboekedei yn Terherne wie dit jier op snein 18 oktober. Dêr wie fan alles te dwaan en te belibjen. It tema wie: Raar, mar wier! De foarstelling *De Wûndertoeter* troch Teaterselskip Knûkel, in útstalling fan boekekistkes, de Discoverytruck fan de Ryksuniversiteit Grins, Tryaterakteur Arnold Dijkstra lies yn it Frysk foar út it hylaryske Boek sûnder tekeningen fan B.J. Novak, it grutste bernelaboratorium fan de wrâld en noch folle mear.

### Schrieversronte

Op 9 desimber is troch de Stellingwarver Schrieversronte *Over grote beren en knuffels* presintearre en oerlange oan deputearre Sietske Poepjes. It boek is fjouwertalich, yn fjouwer talen dy't yn Fryslân sprutsen wurde: Frysk, Stellingwerfsk, Biltsk en Nederlânsk. It is in boek oer in hiel spesjaal ûnderwerp: it is bedoeld foar âlden en bern om in petear oangean te kinnen oer grutte minsken en de grinzen fan bern.

Nei it ferhaal learde de skriuwster de bern mei help fan de gitaar in ferske oer de krokodil. Ta beslút mochten de bern boartsje yn de ferskate temahoeken dy't yn Heksie Peksie ynrjochte binne of in krokodil ynelkoar nifelje.

Der wie tiid tekoart, safolle wie der te belibjen yn it teater. Lang net alle bern kamen oan it nifeljen ta, doe wie it alwer tiid om nei hûs ta.

### Koart nijis

- Foar de skoallen yn Ferwerteradiel wie der op 29 oktober wer de aksje *Jou in bern in boek*. Diskear krigen bern út groep 8 in boekebon dêr't se sels in boek foar útsykje mochten. Yn desimber krije de bern út groep 2 ek in boek.
- *In nije heit* fan Thys Wadman is foardroegen foar de Ibby-honourlist en is opnaam op yn de katalogus 2015 fan White Ravens.
- Foarstellings by Aksjeboek 2014: Paul van Dijk hat mei syn teater 10 muzykfoarstellings jûn n.o.f. *De wûndertoeter fan Hindrik Bûter*. Dat barde op fjouwer plakken yn de provinsje
- It berneboek foar folwoeksenen is klear: *Harrekrammele* fan Michiel Braaksma. Fan oktober ôf oant heal febrewaris is der in útstalling yn it Frysk museum nei oanlieding fan de boek te sjen. It boek is folslein mei de hân makke en ferskynd yn 100 eksimplaren.
- Op 18 novimber is in Biltske ferzje fan *Mearkes fan Grimm* presintearre: *Sprokys fan Grimm in 't Bildts* (oers. Sytse Buwalda)